

## Verhaal 77

### Tsjerkeferhaal.

It momint, wêrop foar de earste kear de smûke jas fan de tsjerke om my hinne teard waard, wie doe't myn heit my yn syn earms naam en ûnder de kânsel fan de Grifformearde tsjerke yn Holwert my boppe it doopfet hâlde. En ik wol it hjir earlik tajaan, dy jas sit oan't no ta noch altiten noflik om my hinne. Wie dy noflikens earst fan grifformearde snjit, letter klaaide ik my yn de PKN-plunje. En yn myn jonge jierren hawwe se my alle hoeken fan dy tsjerke en fan myn leauwe, sjen litten. Sneins twa kear nei tsjerke, troch de wike kategisaasje, jongelingsferiening, letter GJV yn de saaie bygebouwen en foar de Heare en syn leauwige Holwerter folgelingen, iepenlik belide, datsto ek fan dyselde mienskip diel út meitsje woeste. Mar bûten deselde romten, murk ik hieltiten faker it leaflik blierkjen fan in soarte fan Sodom en Gomorra oan 'e kime. Oerdwealsk fereale op Sietske, de moaie dochter fan de âlderling fan tsjinst. By it jierliks ferieningsfeestje fan, doedestiids JV, stikem in pear fleskes bier de seal yn smokkelje. As mem thús frege hoe't de kategisaasje west hie, flot even Zondag 1 opsizze. Wylsto ûnder dy kategisaasje in oere bij Jan Koree achterop syn heites brommer, by de seedyk lâns knaldest. Pisse ik yn dy tiid wol gauris bûten it kristlike boatsje, dochs stie ik letter mei myn Willy "Ja" te roppen om ús houlik yn deselde tsjerke útein sette te litten. En hawwe wy ús neiteam boppe de doopfetten yn de tsjerken fan Blije, Emmeloord en Dokkum op itselde spoar set. En noch spilet de tsjerke yn it blijspul fan ús libben in grutte rol. Jawis, it dochs wol wat knipende jok wat ús foartiids wolris op de skouders lein waard: net fytse of reedride op snein, net flokke... dat fingerke dat withoefaak omhechstutsen waard, hawwe we neist ús dellein. Mar mei dy tsjerke, mei syn tsjinsten, fieren, feesten en waarme mienskip, in beaken yn de see mei somtiden kalme mar ek wolris hege weagen, witte wy wer wat moandeis, wis mar net altiten hiel wis, fan ús frege wurdt. De tsjerke stiet stevich fundearre yn ús libben en op ús bankrekken.

Inne Bilker